



# Utnûging

Boekpresintaasje  
Freed 14 juny 2019

De Fryske Akademy nûget jo hjirby graach út foar de presintaasje fan it boek fan Wiebe Bergsma (†): *Gelovigen, dominees en geleerden*. *Opstellen over Friese en Nederlandse geschiedenis in de vroegmoderne tijd*. Redigearre en ynlaait troch Klaas van Berkel, Hans Cools en Hans Mol, m.m.f. Lydia Janssen (Uitgeverij Verloren, Hilversum 2019).

Yn 2015 ferstoar, fierstente jong, de Fryske histoarikus Wiebe Bergsma. Al rillegau dêrnei ûntstie yn de rûnte fan freonen en kollega's it plan om in bondel mei fersprate artikels gear te stallen. Net allinne as earbetoan, mar ek as in mooglikheid om in twadde libben te jaan oan bydragen dy't it fertsjinje om jitris ûnder de oandacht fan in breed en ynteressarre publyk te kommen.

Sûnt syn earste grutte publikaasje oer de spiritualist Aggaeus van Albada yn 1983 gou Bergsma as kenner fan de Radikale Reformaasje fan de sechstjinde iuw, wylst er as meiwurker fan de Fryske Akademy it beoefenjen fan de iermoderne skiednis fan Fryslân nije ympulsen jûn hat. Mar hy wie in histoarikus dy't oanhâldend tsjin de tiid yn roeide: hy stelde fragen dêr't oare histoarysy noch net oan ta wiene en dy't dus ûntbeântwurde bleaune, en hy krige amper erkenning foar syn omfangrike boarne-ûndersyk, omdat dat doe (tydlik) efkes út de moade wie. De yn dizze bondel presintearre essays hannelje oer de ferhâlding tusken religy en polityk, oer lekeleauwigen en grifformearde

pioniers en oer dreane gelearden. Hoe't minsken troch God beweegd waarden, stiet hyltiten foarop, mar Bergsma wit dy tematyk ek op treflike wize yn in Europeesk, ferlykjend ramt te setten.

De publikaasje is mei mooglik makke troch it Frysk Akademyfûns en de Boersma-Adema Stichting.

## Programma

- 15.00 Ynrin mei tee/kofje
- 15.30 Wurd fan wolkom út namme fan de Fryske Akademy troch **prof. dr. Hans Mol**
- 15.40 'Ongebonden. Wiebe, de kerk, de wetenschap en zijn leven', foardracht troch **prof. dr. Paul Abels**, Universiteit Leiden
- 16.05 'De vroegmoderne Friese geleerdenrepublyk door de bril van Wiebe Bergsma', foardracht troch **prof. dr. Hans Cools**, KU Universiteit Leuven
- 16.30 Presintaasje fan it earste eksimplaar fan *Gelovigen, dominees en geleerden* en it oerlangjen dêrfan oan **Maaïke en Gysbert Bergsma**, troch **prof. dr. Klaas van Berkel**, Rijksuniversiteit Groningen.
- 16.40 Neipetear mei in hapke en in drankje

**Wannear:** freed 14 juny 2019, 15.30 oere

**Wêr:** Eekhoffseal, Histoarysk Sintrum Ljouwert, Grienewei 1, 8911 EH Ljouwert

**Tagong:** fergees; opjefte yn it foar is winske, dat kin fia [www.fryske-akademy.nl/bergsma](http://www.fryske-akademy.nl/bergsma) oant en mei **moandei 10 juny 2019**

## Oer it boek:

Bergsma, W. †, redigearre en ynlaait troch Klaas van Berkel, Hans Cools en Hans Mol, m.m.f. Lydia Janssen, *Gelovigen, dominees en geleerden*. *Opstellen over Friese en Nederlandse geschiedenis in de vroegmoderne tijd*. Hilversum: Verloren. 330 siden, € 39,00. ISBN nû. 978-90-8704-796-2. Akademy-nûmer 1115.

